

It bestjoer

Foarsitster: Wikje de Vries
Greate Buorren 7
9055 MT Britsum 06-52205919

Skriuwster: Wietske Sinnema
De Greiden 24
9055 LR Britsum 058-2575200

Kontaktpersoan optredens: Dieneke Hamstra
H. de Jongstrjitte 8, Jelsum
Til: 058-2572458 / 06-52695734

Kontaktpersoan muzyk en meneuvel kommisje:
Wietske Sinnema
De Greiden 24
9055 LR Britsum 058 2575200

Ponghâldster: Marian Drewes
Martenawei 35
9056 PH Koarnjum 058-2125471

Kontaktpersoan PR-kommisje: Fetsje v/d Werff
Aldlandsdyk 9
9056 LK Koarnjum 06-31343185

Dirigint:
Pianist: Tseard Nauta
Gitarist: Joop Schulp

Email: info@tuzentriennen.nl

Webside: www.tuzentriennen.nl



**YNFORMAASJE
FOAR NIJE LEDEN**

**TÛZEN TRIENNEN
BRITSUM**

Algemiene ynformaasje

It Tûzen Triennen koar út Britsum is yn 1997 oprjochte troch en foar froulju dy't graach sjonge meie.

Op besteande melodyen wurde troch de koarleden sels Fryske teksten makke. De ferskes wurde skreaun fan út it stânpunt fan de frou.

De haadtema's yn de ferskes binne it libben en de leafde en alles wat der by komt te sjen.

Optredens

It koar treedt bij foarkar net faker as twa kear yn de moanne op. Yn oerlis mei de leden en de dirigint kin hjir fan ôfwykt wurde.

De leden

It koar hat ungefear 25 leden en sjongt ûnder lieding fan de dirigint yn gearwurking mei de gitarist en pianist.

Froulju dy't lid wurde wolle, kinne kontakt opnimme mei Dieneke Hamstra 06-52695734

Koar yntroduksjetrajekt

In oankommend lid wurdt útnoege foar in repetysejûn om de sfear te priuwen en by de dirigint in sjongtest te dwaan. Dan wurdt bepaald of hja geskikt is kwa stim en útstrieling. As dat sa is, bepaalt de dirigint de stimhichte (alt, mezzo of sopraan). Dêrnei kin it aspirant lid twa repetysejes meisjonge om te sjen of it wat foar har is. Dêrnei fynt in evaluaasje plak. Op it stuit is der gjin wachtlist.

Wat wurdt der fan de leden ferwachte?

Fan de leden wurdt yn it foarste plak nocht oan sjongen ferwachte. It is fan grut belang om sa folle mooglik op repetysejûnen en optredens oanwêzich te wêzen. Wa in kear net komme kin, jout dit fia de koarapp troch.

By optredens wurde de ferskes út de holle songen. Dit komt de útstrieling fan it koar ta goede en ûnderskiedt it koar Tûzen Triennen fan de measte oare koaren.

Privacybescherming AVG

Wy hâlde ús oan de "Algemene Verordening Gegevensbescherming". Mei it lidmaatskip joust tastimming foar it gebrûk fan persoansgegevens yn ús leden administraasje, ûnderlinge kommunikaasje en gebrûk fan koarfoto's op ús webside.

De muzyk en meneuvel kommisje (MMk)

De muzykkommisje bestiet út 2 koarleden, de dirigint en de pianist. Sy hâlde yn de gaten oft de ferskes by it koar passe, der lykwicht *sit* tusken flugge en stadige ferskes en oft in ferske yn "muzyk-technysk" opsicht geskikt is om te sjongen foar it koar. Twa meneuvelfroulju sykje geskikte meneuvels by ús ferskes en hâlde yn de gaten of ús opstelling en presentaasje goed is.

De teksten

De teksten binne altyd yn it Frysk en wurde troch de koarleden sels skreaun. Elk lid kin mei ideeën komme. Graach earst oerlizze mei ien fan de muzykkommisje, foar't der in soad tiid stutsen wurdt yn it skriuwen fan de tekst en efterôf blykt dat it ferske net geskikt is foar it koar.

Lidmaatskip

It lidmaatskip kostet € 240,- per jier en kin skriftlik opsein wurde by de ponghâldster.

Nije leden betelje earst nei de evaluaasje € 20,00 yn 'e moanne. By opsizzing is der noch betelplicht oan't 1 augustus.

Kontribúsje graach troch in automatyske ynkasso oermeitsje op namme fan: Jankfoddekoar Tûzen Triennen Britsum, NL71RABO0395439647.

Under fermelding fan foar en achternamme.

Repetysjejûnen

It koar repeteart meastal eltse woansdeitejûn, fan 20.00 oant 22.00 oere, yn "Britsenburgh" Britsum. It bestjûr kin beslute ta ekstra repetysejûnen as sy dat nedich achtet. Dit alles fan ein septimber oan't maaie ungefear.

Klean by optredens

By optredens klaaie wy ús hielendal yn it swart. De meneuvelkommisje soarget foar kleure boa's.

Oaninoar praten fan de ferskes

Dit wurdt dien troch: Yvonne Broekens.